

Utnûging foar de gearkomste op  
sneon 31 januari 2026 om 13.30  
oere

*Tresoar, Bûterhoeke 1 Ljouwert.*

**Wurklist:**

1. Iepenjen en meidielingen  
*troch: foarsitter Gosse van der Plaats*
2. Ferslach gearkomste fan **3 januaris 2026 wurdt letter  
tastjoerd**
3. Over de Pilatten en Pilotten **NB de lêzing is yn it Hollansk**
4. Healwei de lêzing: Skoft
5. Sluten.

**Oprop: Wa hat noch âlde foto's fan eardere gearkomsten en/of  
reiskes? We fernimme it graach!**

**Belangstellenden** binne fan herte wolkom op dizze gearkomste! Tagong fergees.

Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

## Over de Pilatten en Pilotten troch Martha v.d. Zwaag

It wie earmoede yn it Dútske Burgsteinfurt (en boereomjouwing fan Hollich) dêr't de Pilatten en Pilotten wei kamen. Troch de yndustrialisearing waarden wurknimmers oerstallich yn'e linnenynndustry en de pleatsen giene oer fan heit op'e âldste soan. De jongere soannen moasten omsjen nei oar wurk en wenning. Dat wie net maklik begjin njoggentjinde iuw en sa besleaten Jan Heinrich Pilat en Johann Pilat harren woarteldoek mei har hawwen en hâlden op te nimmen en te kuijerjen nei Fryslân. Jan Heinrich struts del as linneweversfeint yn Mitselwier. Dêrnei ferskynde Johann Pilat. Hy waard fan berop wever yn Mitselwier. Sa begûn it ferhaal fan de Pilaten en Pilotten yn Fryslân en omkriten. Op de Pilathof yn Burgsteinfurt wenje al sûnt 1400 Pilatten. In hôf dat eigendom wie fan de aadlike famylje yn Burgsteinfurt. De Pilatten mochten it hôf fan generaasje op generaasje pachtsje oant om 1900 hinne de Pilathof eigendom waard fan de Pilatten. In ferskowing troch de jierren hinne fan de Pilatten fan Dútslân nei Fryslân en omkriten. Dêr't yn Dútslân noch in pear Pilatten wenje binne grutte famyljes yn Fryslân en omkriten troch de jierren hinne ûntstien. Famyljes mei dúdlike roots, alsidich en kreatyf, fan hearlik gewoan oant lekker bysûnder.

*Martha van der Zwaag is dosint by NHLStenden Hogeschool School of Design yn Ljouwert en dosint Nederlânsk / Skiednis by VO Piter Jelles! Impulse. Dêrneist hat Martha in galery ' De Kuiperij ' yn byldzjende keunst yn Feankleaster. Sûnt desimber 2025 is Martha foarsitter fan de Stichting Pilatten en Pilotten. Dy Stichting hat as doel om it sammeljen en dokumintearjen fan gegevens, byldmateriaal en sprutsen materiaal oer de skiednis fan de Pilatten en Pilotten mei as doel publikaasjes mooglik te meitsjen. Net allinnich foar de famylje sels mar ek nei bûten ta as werkenning foar oare famyljes.*



Uitnodiging voor de bijeenkomst  
op zaterdag 31 januari 2026 om  
13.30 uur.

*Tresoar, Boterhoek 1 Leeuwarden*

**Agenda:**

1. **Opening en Medelingen**  
*door: foarsitter Gosse van der Plaats*
2. **Verslag van 3 januari 2026 wordt later toegezonden**
3. **Over de Pilatten en Pilotten NB de lezing is in het Nederlands**
4. **Halverwege de lezing: pauze**
5. **Sluiten.**

**Oproep: Wie heeft nog oude foto's van eerdere bijeenkomsten en/of reisjes? We horen het graag!**

Belangstellenden zijn van harte welkom! Toegang gratis.

Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

## Over de Pilatten en Pilotten door Martha v.d. Zwaag

Het was armoede in het Duitse Burgsteinfurt (en boerenomgeving van Hollich) waar de Pilatten en Pilotten vandaan kwamen. Door de industrialisering werden werknemers overbodig in de linnenindustrie en de boerderijen gingen over van vader op de oudste zoon. De jongere zonen moesten omkijken naar ander werk en woning. Dit was niet gemakkelijk begin negentiende eeuw en zo besloten Jan Heinrich Pilat en Johann Pilat hun worteldoek met hun hebben en houden op te nemen en te wandelen naar Friesland. Jan Heinrich streek neer als linnenweversknecht in Metslawier. Daarna verscheen Johann Pilat. Hij werd van beroep wever in Metslawier. Zo begon het verhaal van de Pilaten en Pilotten in Friesland en omgeving. Op de Pilathof in Burgsteinfurt wonen als sinds 1400 Pilatten. Een hof die eigendom was van de adellijke familie in Burgsteinfurt. De Pilatten mochten de hof van generatie op generatie pachten tot rondom 1900 de Pilathof eigendom werd van de Pilatten. Een verschuiving door de jaren heen van de Pilatten van Duitsland naar Friesland en omstreken. Waar in Duitsland nog een paar Pilatten wonen zijn grote families in Friesland en omstreken door de jaren heen ontstaan. Families met duidelijke roots, veelzijdig en creatief, van heerlijk gewoon tot lekker bijzonder

*Martha van der Zwaag is docent bij NHLStenden Hogeschool School of Design in Leeuwarden en docent Nederlands/Geschiedenis bij VO Piter Jelles Impulse. Daarnaast heeft Martha een galerie 'De Kuiperij' in beeldende kunst in Feankleaster. Sinds december 2025 is Martha voorzitter van de Stichting Pilatten en Pilotten. Deze Stichting heeft ten doel het verzamelen en documenteren van gegevens, beeldmateriaal en gesproken materiaal over de geschiedenis van de Pilatten en Pilotten met als doel publicaties mogelijk te maken. Niet alleen voor de familie zelf maar ook naar buiten toe als herkenning voor andere families.*

